

Ynhâld Ensafh 1-2018

Redaksjoneel

Geart Tigchelaar

Ekstreme leafde liedt ta ekstreme maatregels

Oane de Boer

Mâle achte

Michel de Vreeze

útfanhûs yn myn taal

Simen de Jong

Trije kear it liif te let

Margreet de Jong

Tekening

Piter Ydema

De lêste mich

Bûltsjeblaze

Moontalk

Pier Boorsma

Unamuna

Piter Boersma

De Parsival út de Lancelotkompilaasje yn oersetting

Edwin de Groot

Hoe ferdwaald

John Bosma

Leger almar

Anne Feddema

Neisimmer ylluminearre

Bouke Slofstra

Najat el Hachmi en de literêre meartaligens

Najat el Hachmi

Fragmint út 'Jo també soc catalana' (Ik bin ek Katalaan)

Geart Tigchelaar

In oade oan Pablo Neruda

Willem Winters

Kamera obskura

*

Egidiusliet

Gerrit de Vries
Leafdesfers

Geart Tigchelaar
reidsjonge

Redaksjoneel

It earste artikel yn it earste nûmer fan dit jier is it besprek fan *De nacht fan Mare*, de nijste roman fan Willem Schoorstra. Dat foaroansetten fan it besprek fan in proazawurk is bedoeld as statement. Yn it lêste nûmer fan 2017, it nûmer mei as tema Baskelân, yn it stik ‘In Baskysk-Frysk petear’ fan Eneko Aizpurua en André Looijenga seit de lêstneamde: ‘As orizjinele Fryske literatuer relevant bliuwe wol (of wurde wol), moat dy djipgravender wurde – sawol yntelliginter as ûnderhâldender wurde. Benammen jildt dat foar it proaza yn it Frysk. Ik fyn dat op dit stuit mar in bytsje Fryske romanskriuwers echt in koartswilige, nijsgjirrige styl hawwe. De measten skriuwe fierstente flak en triviaal; oaren hâlde júst tefolle fan it Fryske wurdboek en te min fan de Fryske lêzer. En harren ûnderwerpskar mocht ek wol wat yntelliginter en mear by de tiid wêze.’

Oer Willem Schoorstra syn nije roman skriuwt Geart Tigchelaar: ‘Lykas de oare eigentiidske romans fan Schoorstra spilet ek *De nacht fan Mare* him yn de jierren santich, tachtich ôf. De tema’s en settings binne noch behoarlik hjoeddeisk. Sa fereale dat it net sûn mear is, ferslaving, seks fan it hurdere soarte, muzyk en âlders dy’t ûnnedich dreech dogge.’ En hy oardielet oan ‘e ein fan syn besprek: ‘Mei *De nacht fan Mare* hat Schoorstra in tsjuster boek ôfleverre dat skrinend sjen lit hoe fier’t in relaasje en ferslaving gean kin. Dat docht er betûft en oertsjûgjend. Hy is begûn mei syn ferhalebondel *Berjochten út Babel* en is dwers troch syn histoaryske boekwurken trochgien te skriuwen oer wat minsken beweecht en hoe’t se ta inoar bewege. Yn alle ekstremiteiten dy’t yn ús allegearre sitte. “En dat licht der net om,” stiet op ‘e efterflap fan dy bondel en dat hie ek skoan op *De nacht fan Mare* stean kinnen.’

It koe minder!

Dat wol lykwols net sizze, dat sa mar oer André Looijenga syn betinken hinne stapt wurde moat. Der kin hoe dan ek steld wurde, dat de lêzers it Fryske proaza net manmachtich ta har nimme. Mei de ferkeap fan Fryske romans is it yn syn algemienens min steld, en dat jildt foar sawol it literêre wurk as de op in grutter publyk tasniene boeken. De ferkeap rint fan hûndert oant miskien ris in kear tûzen eksimplaren. Skriuwers dy’t net sels de boer op gean wurde hoe dan ek amper boeken fan ferkocht.

De Fryske poëzy stiet sûnt jier en dei better oanskreaun as it proaza. Mar dêr’t by proaza de ferkeapsifers as graadmjitter meitelle is dat by poëzy eins net it gefal.

Ofsjoen fan it feit dat de Fryske proazaskriuwers miskien ek ris by harsels te riede gean kinne, kin hoe dan ek steld wurde, dat oan de promoasje, it yn ‘e merk setten fan Frysk proaza troch de provinsjale promoasje-organisaasje, earder Tresoar en no de Afûk, folle mear dien wurde moat. Tekenjend foar hoe’t mei de Fryske proazaskriuwers omgien wurdt is it feit dat dit jier wer gjin Fryske skriuwer it promoasjeboek skriuwe mocht, mar dêr wer in Nederlânsktalich boek foar oerset is (no in boek fan Griet Op de Beeck, earder al ien fan Atte Jongstra). In folslein ferkeard sinjaal en de ferkeap fan orizjinele Fryske proazaboeken wurdt der op gjin inkele wize mei foarútholpen, krekt oarsom.

Ensafh hat besletten om yn alle gefallen wat te dwaan: letter dit jier yn ien fan syn nûmers it Fryske proaza as tema te nimmen.

Piter Boersma